



## UvA-DARE (Digital Academic Repository)

### It auteurskip en de datearring fan 'Ansck in Houck'

*in reaksje*

Versloot, A.P.

#### Publication date

2006

#### Document Version

Final published version

#### Published in

Us Wurk

[Link to publication](#)

#### Citation for published version (APA):

Versloot, A. P. (2006). It auteurskip en de datearring fan 'Ansck in Houck': in reaksje. *Us Wurk*, 55(3/4), 131-139. <https://ugp.rug.nl/uswurk/article/view/27388>

#### General rights

It is not permitted to download or to forward/distribute the text or part of it without the consent of the author(s) and/or copyright holder(s), other than for strictly personal, individual use, unless the work is under an open content license (like Creative Commons).

#### Disclaimer/Complaints regulations

If you believe that digital publication of certain material infringes any of your rights or (privacy) interests, please let the Library know, stating your reasons. In case of a legitimate complaint, the Library will make the material inaccessible and/or remove it from the website. Please Ask the Library: <https://uba.uva.nl/en/contact>, or a letter to: Library of the University of Amsterdam, Secretariat, Singel 425, 1012 WP Amsterdam, The Netherlands. You will be contacted as soon as possible.

**[0831] It auteurskip en de datearring fan ‘Ansck in Houck’: in reaksje**

Arjen Versloot

*Zusammenfassung*

*Johan van Hichtum ist wohl mit Sicherheit der Verfasser des 1609 in Druck erschienenen friesischsprachigen Schauspiels “Woutir in Tialle”. Ihm wird ebenfalls ein ähnlicher Text, “Ansck in Houck”, zugeschrieben, der allerdings lediglich in einer Neuauflage d.J. 1639 auf uns gekommen ist. Eric Hoekstra ist nun für die These eingetreten, dass “Ansck in Houck” tatsächlich von Van Hichtum verfasst sei, und zwar bereits i.J. 1583. Anhand von graphematischen, phonologischen und morphologischen Kriterien wird diese These kritisch geprüft. Die Ergebnisse weisen tatsächlich auf einen und denselben Autor der beiden Texte hin. Die Sprache der uns vorliegenden Fassung von “Ansck in Houck” enthält allerdings keine sicheren Hinweise für eine Entstehung im späten 16. Jh. Aus sprachlicher Sicht erscheint es also eher wahrscheinlich, dass der Text aus dem frühen 17. Jh. stammt.*

*1. Ynlieding*

Yn *Us Wurk* 55 (s. 48 ff.) bringt Eric Hoekstra de datearring en it auteurskip fan *Ansck in Houck* te praat. Hoekstra slút him oan by de besteande opfetting dat Johan van Hichtum sawol *Ansck in Houck* as *Woutir in Tialle* skreaun hat. Foar de datearring hat er twa hypotezen. Ien is dat *Ansck in Houck* om 1615 hinne skreaun wêze soe, it oare dat it al yn 1583 skreaun wie. Yn dat lêste gefal is it de âldste langere boarne fan it moderne Frysk nei Bogerman.<sup>1</sup>

Yn itselde nûmer fan *Us Wurk* (s. 76), yn de rubryk ‘Op it mêd’, neamt Dyk myn bydrage yn *De Pompeblêden* (Versloot, 2005). Dêryn hie ik besocht om in anonime tekst út 1795 mei help fan de taaldatabank ier-Nijfryk (Frysk tusken 1550-1800, [www.fa.knaw.nl/tdb](http://www.fa.knaw.nl/tdb))<sup>2</sup> te lokalisearjen. It leit yn ‘e


- 
1. Yn Versloot (2004) haw ik útholden dat taaltypologysk de titel ‘Aldfrysk’ it measte Frysk fan nei 1400 net mear takomt. De taal fan de 15e en iere 16e ieu kin better ‘Midfrysk’ hite. Bogerman (Taaldatabank 1542a, 1551a&b, sjoch noat 2) soe ik dan as de lêste Midfryske boarne beskôgje wolle. Dêrnei kin dan better praat wurde fan ‘ier-Nijfrysk’. As *Ansck in Houck* út 1583 wêze soe, wie it de earste langere ier-Nijfryske tekst.
  2. Alle ier-Nijfryske teksten dêr’t ik nei ferwiis, binne yn dy databank opnaam, mei ferantwurdung fan folsleine titel, brûkte boarnen, ensfh. Ik folstean dêrom yn dit stik mei it

reden om te sjen at in soartgelikense metoade ek yn it gefal fan *Ansck in Houck* tapast wurde kin. Ik meitsje dêrby gebrûk fan foarriedige histoaryske dialektkaarten dy't ik tekene haw op grûn fan dyselde databank. De geografyske ynterpretaasje dy't dêr as grûnslach ûnder leit, is mei help fan de opsje 'Geotabel' yn de taaldatabank (TDB) opnaam en te riedplachtsjen.

## 2. Oerlevering en it pleatsen fan Van Hichtum yn de romte

*Woutir in Tialle* is oerlevere yn in tekstferzje út 1609 (yn de TDB as 1609a, tenei neamd WT09) en wie ek ornearre foar in brulloft yn dat jier of koart dêrfoar. *Ansck in Houck* is inkeld oerlevere yn in útjefte fan 1639 (TDB: 1639b, tenei neamd AH39). Yn in oare útjefte út itselde jier is ek *Woutir in Tialle* wer ôfprinte (TDB: 1639cl, tenei neamd WT39). Fan WT hawwe wy dus in âldere en moolk oarspronklikere ferzje ta ús foldwaan as fan AH. Yn it histoaryskdialektûndersyk brûk ik hieltyd de meast oarspronklike boarne.

kaart 1



Wen- en wurkplakken fan J. van Hichtum

Dat binne dus WT09 en AH39. Yn dit stik sil ik ek sjen at WT09 net al te bot fan WT39 ferskilt. As ommers WT39 hiel sterk fan de âldere ferzje WT09 ferskilt, dan is de kâns grut dat AH39 ek behoarlik fan in *Urfassung* fan *Ansck in Houck* ôfwike sil. AH39 is dan hielendal net gaadlik om wat oer de talige aspekten fan sa'n *Urfassung* fan *Ansck in Houck* te sizzen.

---

neamen fan de auteur en jiertal en ferwiis nei de teksten mei help fan de tekstlabels yn de databank.

Foar de dialektologyske ynterpretaasje fan Van Hichtum is it fan belang in beskate wissichheid te hawwen oer de dielen fan Fryslân dêr't er opgroeid is en wenne hat. Hoekstra (2006, 55) sitearret boarnen dy't melding meitsje fan in Johannes Petri dy't dûmny wie yn Wytmarsum, Itens, Ysbrechtum en Nijlân. Sels neamt er him 'fan Hichtum' en it hat wol eigenskip dat er dêr dan berne, of yn alle gefallen opgroeid is. De oare neamde doarpen lizze net fier fan Hichtum ôf (kaart 1). Wy meie der dêrom wol fan útgean dat de taal dy't Van Hichtum brûkt, typysk is foar dy fan Hichtum en omkriten yn it begjin fan de 17e ieu.<sup>3</sup>

## 2. Van Hichtum as auteur fan beide stikken

### 2.1. Taalkundige oerienkomsten tusken beide stikken

Fan in oantal heechfrekwinte wurden bestiet de mooglikheid om it ferskaat yn romte en tiid aardich te folgjen. As farianten dy't yn tiid en romte in beheinde fersprieding hawwe, yn beide teksten foarkomme, foarmet soks in sterke oanwizing foar in mienskiplike auteur fan beide stikken (WT09 & AH39). Dêr binne yndie in oantal goede foarbylden fan.

- *sille*: yn beide stikken ûntbrekt de stavering mei *sch-*, dy't oars yn de earste helte fan de 17e ieu noch frij gongber is.
- *mar*: yn de 17e ieu binne de dialektfarianten *maer/maar* (benammen noardlike helte fan Fryslân) en *mar* (opkommende foarm fanút it suden wei) yn gebrûk, nêst inkeld ek *mer*. Yn beide teksten wurdt hast altyd de fariant *maer/maar* brûkt.
- *waard*: de doetiid fan *wurde* is yn beide teksten hieltyd *woord*.<sup>4</sup> Dy fariant is seldsum en komt inkeld noch foar yn de Burmaniasprekwurden (auteur út Barradiel, TDB: 1614a), by Rinse Wobbes (fan Arum, TDB: 1709b) en Dirk Lenige (Makkum, ferskate teksten, benammen tusken 1781 en 1785), allegear yn deselde westlike Klaaihoeke fan Fryslân as Hichtum.
- *harren*: beide teksten brûke hieltyd *herre*, dat frij seldsum is en inkeld by

---

3. Ik bin fan betinken dat it type 'ideale ynformant' sa't dy yn de dialektology wol brûkt wurdt (ien dy't syn hiele libben al yn in plak wennet en leafst mei fjouwer pakes en beppes yn itselde plak berne) yn grutte dielen fan de skiednis en yn de measte kriter earder útsûndering wie as regel. De mobiliteit fan minsken yn it ferline wurdt yn 'e regel ûnderskat, sjoch Schroor (2000) en in reaksje Versloot (2001).

4. Yn WT39 is de foarm nuvergenôch twa fan de trije kear troch *waard* ferfongen.

Petrus Baardt (TDB: 1640a), Gysbert Japicx (TDB: gj\_ynt1 o/m gj\_ynt7) en yn de Burmaniasprekwurden foarkomt.

- *kiel*: beide teksten hawwe *keel*. De farianten *kiel* / *keel* binne fanâlds al skerp oer it taalgebiet ferdiel (Gysbert Japicx bgl. brûkt altyd *kiel*).
- *net*, *ek*: wurde yn beide teksten konsekwint *næt*, *æck* skreaun. Dat wiene wol de meast gongbere staveringen, mar ek <naet> en <ae(c)k> / <æk> komme by oare skriuwers út dy tiid wol foar.

Dizze foarbylden meie hjir genôch wêze om oan te toanen dat beide teksten op in soad punten oerienkomme as it giet om de keazen farianten. De taal-kundige oanwizings ûnderstreekje de al besteande hypoteze dat de teksten fan deselde auteur binne.

## 2.2. De oerlevering en de ynfloed op de talige skaaimerken

Yn de ienlieding is opmurken dat de oerlevering fan WT09 en AH39 net gelyk is. It is mooglik dat de taal fan AH39 op guon punten oanpast is en dat dêrtroch de oerlevere tekst net betrouber de talige skaaimerken fan it oarspronklike wurk fan Van Hichtum werjout. It is mooglik om in byld fan dy mooglike feroarings te krijen troch WT09 mei WT39 te ferlykjen. As dy sterk opinoar lykje, meie wy ferûnderstelle dat ek AH39 net al te bot fan de âldere *Urfassung* ôfwykt.

Ferlykjen fan WT09 en WT39 lit sjen dat de ferskillen oer te sjen binne. Op alle yn 2.1. neamde punten binne beide teksten konsistint, útsein op it punt fan de doetiid fan *wurde*, dêr't AH39 oars wol mei WT09 oerienkomt (ferl. noat 4), mar net mei WT39.

Hjir en dêr binne lytse ferskillen tusken WT09 en WT39 te merkbiten. Foarbylden binne:

- after* WT09: *aftir*, WT39 *after*; beide teksten brûke foarmen mei *aft*. Wol oanpast is de stavering fan it ûnbeklamme wurdliid; dat bart faker. WT09 en WT39 hawwe beide stavering fan modern schwa foar <r> as <i>, mar net yn deselde wurden. Yn AH39 ûntbrekt de stavering <ir> foar modern <er> hielendal.
- mar* WT09: *maer*, WT39 & AH39: *maar*; yn it begjin fan de 17e ieu wurde mei de 2 grafemen <ae> en <aa> de klanken fan de moderne grafemen <ea>, <aa> en <â> werjûn. Dat jout geregeld oanlieding ta betizing en wiksel fan stavering.

- hawwe* WT09: *heb, hebbe*, AH39 & WT39 *hab, habbe*. Dit is in opfallend ferskil: de stam *hab-* is yn it hiele ier-Nijfrysk de meast gongbere, *heb-* is yn de 17e ieu seldsum. Soe in eardere ferzje fan AH ek *heb-hân ha?*
- duorje* WT09: *dwre*, WT39 *dwrre*, AH39 *durje*. It âldere materiaal fan it moderne brutsen twilûd /wo/ is lestich te ynterpretearjen. Yn modern *duorje* stiet yn beide ferzjes fan WT in <w>, dy't nei alle gedachten as /u:/ of /u.ə/ te begripen is. Mar wat betsjut dan de <u> yn *durje*: /u/, /ö/ of sels al /uo/? Krekt sa yn WT09 & WT39 *schwrdin* 'skuorden', AH39 *schurdin*. Yn beide gefallen binne WT09 en WT39 konsistint.

Alles mei-inoar mei de konklúzje wol wêze dat beide stikken troch deselde skriuwer skreaun wêze kinne en dat de útjefte fan AH39 net al te bot fan in ferûnderstelde eardere ferzje fan de tekst ôfwykt. Taalkundige útspraken oan de hân fan AH39 lykje dus ek jildich te wêzen foar de *Urfassung* fan it stik, of yn alle gefallen yn deselde mjitte as foar WT09 jildt.

### 3. Taalkundige oanwizings foar de tiid fan ûntstean fan 'Ansck in Houck'


No't it oannimlik liket dat WT en AH fan deselde skriuwer binne en dat AH39 brûkber is om mei WT09 ferlike te wurden, kom ik ta de kearn fan de saak:

- X past in datearring fan AH yn 1583 by de foarmen fan dy tiid?
- X is WT jonger yn taal as AH?

It is net sa maklik om dêr samar hurde útspraken oer te dwaan. Sawol 1609, 1615 as 1583 binne frij betiid. Ut dy tiid is der net safolle ferlikingsmateriaal. De wichtichste boarnen binne Bogerman, Hemmema (ferskate koarte teksten tusken 1568 en 1573), Burmaniasprekwurden, Starter (TDB 1618a, 1621a en 1621b) en de Vredeman-lieten (TDB 1602a-l). Ek it trochstrings argayske, mar letter oerlevere Hylpersk en Molkwarders kinne oanwizings jaan. Benammen Bogerman is in stik âlder en dêrnêst yn it wakker ôfwikende dialekt fan de Dongeradielen skreaun. It materiaal fan Hemmema is spiti-gernôch net safolle. De Burmaniasprekwurden binne de grutste boarne dy't der yn tiid en romte tichteby leit. Mar it noarden is trochstrings behâldender as it suden en Barradiel is yn ferliking mei Hichtum doch in behoarlik stik noardliker. Starter hat tsjin dat er net in memmetaalprater is en de Vredeman-lieten binne ek wer net sa lang. Beide moatte yn Ljouwert (en omkriten) pleatst wurde, dus ek net fuort nêst Hichtum. It beswier fan Bogerman jildt

yn spegelbyld foar Hylpen en Molkwar: relatyf jong en ek wat aparte dialekten (al sil dat yn de 16e ieu noch gâns minder opfallend west hawwe). Gysbert Japicx is yn de romte in goede ferliking, yn de tiid hast al wer de lette kant it neist.

Nettsjinsteande al dy beswieren falle doch in pear saken gewaar te wurden.



kaart 2: west (*ôfslutend mulwurd fan wêze*)  
oer it tiidrek 1570-1720: it ferdwinen fan de sterke mulwurdsfoarm

#### hast/hat

Alle ferzjes (WT09, WT39, AH39) brûke konstant *hest* en *het*. De âldere foarmen binne *haast/haest* en *haat/haet*.<sup>5</sup> De lange foarmen binne regel by

5. De <ae> moat hjir as /ɛ:/ begrepen wurde. Troch ferkoarting ûntstiene dêr de foarmen mei <e> = /ɛ/ út. De wiksel tusken de ier-Nijfryske ynfinityf *habbe* en 2/3 inkeltal notiid *he(s)t* is dus net it gefolch fan in âlde umlaut! In selde ûntjouwing is oan 'e oarder by *flesk, net, het* ('wat'), allegear mei Aldfrysk /a:/.

Bogerman, komme inkeld noch foar yn de Burmaniasprekwurden en ferskine yn in koarte tekst út 1626 (TDB 1626a) út Gaasterlân. Hemmema (mar ien fynplak), de Vredeman-lietsjes, Starter en Gysbert Japicx brûke de koarte foarmen. It brûken fan *hest* en *het* om 1609 hinne is dus modern mar net frjemd. Yn in tekst út 1583 of sels earder hiene de langere foarmen wol teplak west, al lit Hemmema sjen dat it net ûnmooglik wie om ek yn de 2e helte fan de 16e ieu al de koarte foarmen te brûken. In oanwizing foar de datearring fan 1583 is dit ferskynsel dus net, mar in echte diskwalifikaasje ek net.

#### binne / sinne

Yn it Aldfrysk is de foarm fan modern 'binne': *sint*. Yn de 16e en 17e komme foar: *sin*, *sinne*, *sint*, *synt* en *syn* (yn moderne stavering). Bogerman en Hemmema (mar 1 opjefte) brûke inkeld foarmen mei *s-*. Dêrnei binne de foarmen mei *s-* altyd yn de minderheid, bgl. by Gysbert Japicx, Starter en yn de Burmaniasprekwurden. Yn de Vredeman-lieten komt allinnich 2 kear *binne* foar. Herro à Schingen (TDB 1635a) smyt ien fynplak op en dat is *zinne*. Nei Gysbert Japicx hâldt allinnich it Hylpersk noch oan de âlde foarm fêst oant yn de 18e ieu.<sup>6</sup>

Notiid meartalsfoarmen komme inkeld yn AH39 foar. Nêst 4 farianten fan *binne* stiet dêr ek ien kear *sinne*. Krekt as by it foarrige kriterium jildt dat in dúdliker oanwêzichheid fan *s-*foarmen in iere datearring ûnderstreekje soe. It feit lykwols dat al yn de Burmaniasprekwurden de foarmen mei *s-* sa seldsum binne (1 út 32 gefallen) makket dat AH39 mei 1 út 5 gefallen ek foar 1583 net ûnmooglik is. De oantroffen ferhâldings binne foar de iere 17e ieu oars wol hiel passend.

#### west / wessen

It ôfslutend mulwurd fan *wêze* is oarspronklik sterk: *wessen* of *weisen* (modern *\*wêzen* / *\*weizen*).<sup>7</sup> It lestige by de beoardieling is dat de measte âlde boarnen (Burmania, Starter, Hemmema) allegear sterke foarmen hawwe mar ek allegear noardlik binne. Ut kaart 2 docht bliken dat krekt dêr de sterke

6. Ut de 18e ieu binne der in pear gefallen fan *syn* út de rest fan Fryslân. Dêr liket doch earder ynfloed fan it Nederlânsk yn it spul te wêzen.

7. Beide foarmen libje noch yn Skylger *wên* < *\*wêzen* en Skiermûntseager *wein* < *\*weizen*.



foarmen langer yn gebrûk bleaunen. WT09<sup>8</sup> is mei de swakke foarm *west* de earste fan de lokalisearre teksten dêr't dy foarm yn brûkt wurdt. It falt net rjocht út te meitsjen hoe lang at *west* doe yn it suden / súdwesten al yn gebrûk wie. Yn de Aldfryske Oarkonden, dy't oant likernôch 1550 trochrinne, komt de foarm *west* net foar. Dat yn AH39 5 kear *west* foarkomt en net ien kear in sterke foarm (wylst Gysbert Japicx de sterke foarmen in pear desennia letter noch wol ris brûkt) pleitet dus op 'e nij net foar in hiel iere datum fan ûntstean fan de tekst fan AH39.

#### sille / skille

De iere 16e-iuwer Bogerman brûkt yn it tiidwurd *sille* altyd noch in <sch> oan it begjin: *schille*, *schoe*, ensfh. Yn de Burmaniasprekwurden oerhearsket dy stavering ek noch. Yn de Vredeman-lieten komt de <sch> noch mar yn in tredde fan de gefallen foar. GJ brûkt <sch> yn likernôch ien tredde fan de gefallen, mar is dêrmei ek hast de lêste yn de tiid. Van Hichtum, mar ek Baardt en Starter brûke yn de earste helte fan de 17e ieu inkeld mar foarmen mei <s>. De geografysk betroubere boarnen út de twadde helte fan de 17e ieu hawwe allegear <s>, fan Hylpen oant Ealsum. Allinnich by Titia Brongersma (TDB: 1686b&c) komt noch ien kear <sch> foar. De foarm mei <sch> hat dus yn it noarden en benammen noardeasten it langst yn gebrûk west. Dat Van Hichtum yn de omkriten fan Boalsert, tsjin de Súdwesthoeke oan, dus frij modern is, is wer net opfallend. Mei it each op de 87% <sch>-foarmen yn de Burmania-sprekwurden út 1614 is in folslein ûnbrekken fan <sch> yn in tekst út 1583 wol opmerklik.<sup>9</sup>

#### 4. Konklúzje

Der binne gjin grutte ferskillen te merkbiten tusken WT09 en AH39, mar ek net tusken WT09 en WT39. De talige skaaimerken binne dus yn dy 30 jier net sa bot feroare, bygelyks troch yngripende omstaveringen fan in útjouwer, dat wy dêr gjin konklúzjes mear út lûke meie soene.

It feit dat WT09 en AH39 net sterk fan inoar ferskille, is net in stipe foar de hypoteze dat A39 al yn 1583, dus 26 jier foar WT09 skreaun wêze soe. Yn de ûndersochte skaaimerken (*hast/hat*, *binne*, *west*, *sille*) sit Van Hich-

8. Yn de kaart hat Hichtum it jiertal 1629. De jiertallen wurde berekkene as woegen troch-sneed fan alle rillevante types-mei-jiertal foar dat plak.

9. Yn 16e-ieuske oarkonden komme ek al foarmen mei inkeld <s> foar, û.o. út Gaasterlân en Littenseradiel.

tum hieltyd oan de moderne kant. De measte fernijings komme út it suden wei en Hichtum leit ek ticht tsjin de Súdwesthoeke oan. Gysbert Japicx brûkt letter noch wol gauris argayske foarmen, dy't oars benammen út de Burmania-sprekwurden en 16e-ieuske teksten bekend binne. Dat docht Van Hichtum dus net.

Foar in tekst út 1583 soene wy ferwachtsje meie dat guon argayske skaaimerken dy't bekend binne út bgl. de Burmania-sprekwurden, de Vredemanlieten en Hemmema, brûkt wurde soene. Mar dat is hieltyd net it gefal, útsein 1x *zinne*.

De konklúzje kin dan ek net oars wêze dat de tekst AH39 sa't er ús oerlevere is, earder yn de 17e as yn de 16e ieu te datearjen is. Dat slút net út dat der in *Urfassung* út de 16e ieu bestien hat, dy't neffens de taal fan de 17e ieu oanpast is. It lytse ferskil tusken WT09 en WT39 suggerearret lykwols dat AH39 frij oarspronklik is en dat dus ek de *Urfassung* fan AH39 earder in 17e- as in 16e-ieuske tekst is.

*Fryske Akademy*  
*Ljouwert*

#### LITERATUER

- E. Hoekstra 2006 “Oer de datearring en it auteurskip fan “Ansck in Houck””, *Us Wurk* 55, s. 48-58.
- M. Schroor 2000 “Noord-Nederland: een demografisch reservaat? Kanttekeningen bij het ‘Fries’ genoom”, *De Vrije Fries* 80, s. 29-54.
- A.P. Versloot 2001 “Op syk nei it Fryske genoom”, *De Vrije Fries* 81, s. 119-122.
- A.P. Versloot 2004 “Why Old Frisian is still quite old”, *Folia Linguistica Historica* XXV/1-2, s. 257-302.
- A.P. Versloot 2005 “De skriuwer op it spoar; resjersjewurk yn de Fryske literatuer”, *De Pompeblêden* 76/5, s. 62-65.